



By de smid

TYPE AKTIVITEIT

Foarlêsaaktiviteit

TEMA

Beroppen

OANTAL DIELNIMMERS

10+

DOER

45 minuten

PERIOADE

1940–1969

SLÚT OAN BY

DWDS: **dvd beroppen**

Beroppen,

boek út de Datwiedoesa-rige

Oude Beroepen,

Johannes Doedes de Jong

By de smid

ferhaal

As de smid moarns betiid de kaai yn it slot fan 'e wurkpleats stekt, reint it noch flink. It hat de hiele nacht ek al reind. Dochs set er de doarren wiid iepen, krekt as altyd.

Straks klinke de lûden dy't by syn ambacht hearre de hiele strjitte wer troch.

It is noch rêstich yn 'e smidderij. De smid rint earst nei it smidsfoer, smyt der koalen by en set de blaasbalge oan. Sa stookt er de koalen op oant se gleonhyt binne.

Hy skôget it ark dat er aanst wer brûke sil om it izer mei te bewurkjen: de swiere hammers, alderhanne tangen en filen en fansels it swiere ambyld. It wetter yn 'e kuolbak follet er by. Sjesa, hy is wer klear foar in nije wurkdei.

Even letter stapt de smidsfeint binnen. Tegearre beprate se it wurk dat hjoed dien wurde moat.

Se sille aansent wol gau oanrin krije. Mei dit waar is der op it lân net safolle te dwaan en dan hat de boer it moai even oan tiid om it hynder beslaan te litten.

De boeren binne sowieso syn grutste opdrachtjouwers. Der lizze twa weintsjillen te wachtsjen dêr't nije lagers yn moatte, yn in hoeke stiet in stikken ploechizer en op de wurkbank leit in melkmasinemotor dy't kueren hat.

De smid en syn feint sette gau útein mei it wurk, want se wolle hjoed in moaie haal

dwaan. Al gau komt der in boer oanrinnen mei twa hynders dy't beslein wurde moatte. Hoefbeslaan is swier wurk, mar ek moai om te dwaan.

De bern dy't by de smid lâns komme op wei nei skoalle, bliuwe even stean te sjen. De grutte hynders, de smid oan it wurk, it gloeiende izer... it is allegear like nijsgjirrich.

Middeis wurdt it ploechizer ûnder hannen naam. It fjoer wurdt nochris flink opstookt en de feint hâldt it izer yn 'e koalen, oant er oan de kleur sjocht dat it wurde kin.

Mei foarse klappen fan de hammer slacht er it izer yn model; de fonken spatte derôf. Dan hâldt er it even yn de kuolbak. Stoom stiicht op út it wetter en ûnder lûd siizjen kuollet it izer gau ôf.

Om teetiid hinne rint syn buorman de wurkpleats yn. Hy hellet syn nije fyts op, dy't er by de smid besteld hat. Tige grutsk stapt er even letter mei syn nije oanwinst nei bûten.

De smid stiet yn 'e doar iepening en sjocht him nei. Sa njonkelytsen giet it him hast mâl genôch mei it wurk. Hy kin it amper byhâlde. Neist fytsen ferkeapet er de lêste tiid ek nije auto's. Dokter frege lêsten ek al oft er in nije auto oan him leverje koe; soks moat altyd wêze fansels. De boeren brûke tsjintwurdich ek hieltyd mear masinale apparaten, lykas melkmasines en wetterpompjen, en dy moatte ek troch de smid ûnderholden en reparearre wurde. Hy giet mar gau wer oan 'e slach.

Oan 'e ein fan 'e middei lit er de feint mei it wurk yn 'e smidte rêde en rint er sels nei in byggebou. Mei in pot goudferve yn 'e hân strykt er mei de kwast de lêste laach op de hoanne fan 'e toer fan de grifformearde tsjerke. Hy hat der wol wurk fan hân om it ding op te knappen; it wie allegear rust en hy wiisde al in healjier deselde kant op. It is in pronkje, tinkt er by himsels. Moarn sil er de hoanne op de toer weromsette, mei help fan de timmerman. Wurch mar foldien slút er it byggebou ôf. De feint is al nei hûs, hy sil ek nei de frou ta. Genôch dien foar hjoed. Moarn is der wer in dei.



Jierrenlang hat Johannes Doedes de Jong (1912–1996) yn tsjinst fan de Friesche Koerier en letter de Leeuwarder Courant minsken dy't in âld berop of in útstjerrend ambacht útoefenen fotografearre. Oude Beroepen nimt jo ûnûntkomber mei nei ferfleine tiden.





By de smid

DOEL FAN DIZZE AKTIVITEIT IS

- Lústerje nei in ferhaal
- Siswizen beprate
- Oantinkens ophelje

TARIEDING

Lês it ferhaal fan te foaren troch en printsje it eventueel foar elkenien.

WAT JO NEDICH HAWWE

- Kopyen fan it wurkblêd 'By de smid', sadat de dielnimmers it meikrije kinne.

Opdracht

Oantinkens oan it berop smid

Yn elk plak wie eartiids wol in smidderij. Watfoar erfaringen ha minsken yn it ferline hân mei de smid, en wat stiet har dêr fierders noch fan by? Troch it ferhaal foar te lêzen en oer it berop smid te praten wurdt elkenien meinommen nei de tiid dat der in smid yn it doarp, of yn de stêd wie.

Aktiviteit

1. Begjin dizze aktiviteit mei it foarlêzen fan it ferhaal. Nei ôfrin kinne jim it ferhaal oan 'e hân fan ûndersteande fragen beprate. Fansels is it ek mooglik om oare fragen sintraal te stellen dy't oanslute by it tema.
 - Hat de smid wolris foar jo oan it wurk west?
 - Wat is jo herinnering oan de smid út jo eigen doarp of stêd?
 - Hokfoar spesjalisearre bedriuwen fan tsjintwurdich hawwe taken fan de smid fan doe oernaam?



Der binne tal fan siswizen dy't oan it smidswurk ûntliend binne. In pear bekende siswizen:

*Koalen op it fjoer goaie
Earne op hammerjen bliuwe
Earne libben yn blaze
Mear izers yn it fjoer hawwe
It izer smeie as it hyt is
It geheim fan de smid*



Sjoch foar dit en oare ferhalen op de website www.datwiedoesa.nl. Ek foar allerhande oare nijsgjirrige saken, lykas spultsjes, muzyk en fideofragminten!

Trefwurden: smid, beroppen, boer feint, wurkpleats, siswizen, ferhaal, foarlêzen, petear, groep.

Ut it boek *Beroppen*, út de rige *Dat wie doe sa*.